

Simmerdeis 2017 – 2020

Teater en muziekfestival

Wat is Simmerdeis?

Simmerdeis is in profesjoneel produsearjend keunstoffestival, dat 'm ôfspilet yn in iepenbier tagonklik park yn Drachten (haadlokaasje) en op ferskate lokaasjes yn Drachten en de doarpen dêr omhinne. Us poadium is oeral: yn it Slingepark, yn it sintrum fan Drachten, yn de doarpen, op bysûndere lokaasjes, likegoed binnendoar as yn de bûtenlucht.

It oanbod bestiet út in ferrassende, útdaagjende en tagonklike miks fan téater, sirkus, dûns, muzyk en byldzjende/digitale keunst.

Simmerdeis foar elkenien

De drompel foar it publyk is leech, om't in soad fan it oanbeane fergees of tsjin in lytse yntree tagonglik is. By de gearstalling fan it oanbod, wurdt rekken holden mei ferskate doelgroepen, kwa jierren (fan 4+ oant 80), mar ek kwa opliedingsnivo (fan leechtaligens oant heech potinsjeel). Simmerdeis hat in grut ferskaat oan publyk: dat is unyk.

Wy programmearje foarearst profesjoneel oanbod fan ynteressante makkers dy't ús, de sjogger, in krityske of fleurige spiegel foarhâldt. Der sit gearhang tusken de foarstellings. Dy wurdt tematysk fûn yn it begryp "duorsumens". Duorsum betsjut yn dit ferbân net allinne 'grien', mar foaral iepenstean foar jo omjouwing.

Mienskip, duorsumens, nij talent

Simmerdeis krijt net foar neat syn beslach yn Drachten en omkriten. Drachten is in kreatyf, modern wurkplak, dêr't alles kin. Simmerdeis makket hjir rom gebrûk fan, troch oan de iene kant spannend en útdaagjend te programmearjen (goed foar ekonomy en rekreaasje/toerisme) en oan de oare kant troch oanbod oan te heljen of sels te produsearjen, wêrby't it lizzen fan ferbinings tusken de ferskate doelgroepen dy't yn Drachten en omjouwing wenje (maatskippij, wolwêzen en soarch) it útgongspunt binne. Wy binne ferankere yn de maatskippij en heakje oan by oare inisjativen en ûntwikkelings: gearwurking mei kultueriele ynstellings, it ynnovaasjegehiel, oare (sport)eveneminten, ensafuorthinne.

Foar Drachten jildt yn beide gefallen in maatskiplik effekt: de ferbettering fan sosjale koheezje/ferbûnens. By-effekten binne taalûntwikkeling, kultueredukaasje (omgean mei 21^e feardigheden) en bydrage oan kreative ynnovaasje troch it oangean fan eksperiminten.

Wy ha mei klam oandacht foar groei (de noch hieltiten groeiende 'stêd' Drachten) en krimp (it al mar tinner befolke efterlân) mei as gefolch: mindering fan berikberens en mindering fan tsjinsten.

Wy binne ek 'grien'. Dêrom betinke wy by alles wat wy dogge, hoe't wy dat sa duorsum mooglik organisearje kinne. Tink dêrby oan enerzjy- en wetterferbrûk, gebrûk meitsje fan regionale produkten, it op'e nij brûken fan âlde materialen, ensafuorthinne.

Keunst mei in lytse k

Simmerdeis giet foaral oer de inerlike wearde fan keunst. De festivalprogrammearing is altiten spesjaal. Publyk dy't dat wit, dy komt. Publyk dy't dat noch net wit, leare wy dat. Meidat wy sels (ko)produsearje steane wy tichteby it selskip en wy nimme ús publyk mei yn it kreative proses. Sa leare wy it publyk, publyk te wêzen. Wy lizze ús programmearing út. Wy harkje nei refleksjes en reagearje ek. Dat heart miskien wat skoalmastereftich, mar ferjit net, dat it net foar eltsenien yn Drachten en omkriten gewoan is, om yn in kultueriel klimaat op te groeien.

Dat wat wy dogge, dogge wy mei oandacht!

Simmerdeis stiet stevich op syn skonken binnen de ambysjes fan De Lawei.

Mei it each op de sprieding fan de keunstoffestivals Oerol op Skylge en it Fries StraatFestival en Explore the North yn Ljouwert, nimt Simmerdeis in wichtich plak yn binnen de keunstoffestivals yn Fryslân.

